

# Gek fan muorrekeatsen

Ein novimber 2008: in groepke Fryske muorrekeatsers is foar in ynternasjonale toernoai yn it Noard-Italiaanske Nizza Monferrato. Der binne tsjinstanners út Amearika, Ierlân, Australië, Spanje, Frankryk, Ingelân, België, Puerto Rico en it gastlân Italië. De Fryske ploech is fan beskieden omfang; njonken de acht dielnimmers en twa begelieders is der in hân-tsjefol supporters, wêrûnder ik sels. As de wedstriden begjinne, stapt dêr ta myn ferwûndering ynienen in man om dy't ik earder sjoen ha by it muorrekeatsen yn Fryslân. Hy hat in rêchsek en kamera by him en hat sawol mei offisjals as dielnimmers in mear as gewoan kontakt. 'Wa is dizze man dy't hielendal allinnich mei de trein nei it ôfhandige Nizza Monferrato reizge is foar in muorrekeatstoernoai en yn dy wrâld blykber in soad kontakten hat?'

## Bauke Nicolai

Dy man is Bauke Nicolai, berne yn Surhústerfean, mar al mear as tritich jier wenjend yn Jirnsum. Yn syn jeugd hat er basket- en follyballe. Yn Jirnsum kaam er yn 'e kunde mei it keatsen en siet er in jier as acht yn it bestjoer fan de keatsferiening. Om't er net mei keatsen grutbrocht wie, besocht er syn feardichheden te fergrutsjen troch thús tsjin in muorre te slaan. It soe it begjin wêze fan syn passy foar it muorrekeatsen. Doe't er letter trainingen joech yn de sporthal, brûkte er it muorrekeatsen faaks as warming-up of as in soarte fan ferdiveedaasje. Al yn de jierren tachtich fan de foarige ieu makke er in tekening foar in keatsmuorre. Spitigernôch is dat ûntwerp weirekke.

In jier as fyftjin ferlyn kaam er fia it ynternet yn kontakt mei it muorrekeatsen. Earst fia foto's en letter troch it besjen fan filmkes kaam er yn 'e besnijing fan dy sport. It ynternet wie ek it medium om kontakten te lizzen mei guon spilers en organisaasjes. Sa hat er al jierren in bân mei Albert Apuzzi, in Amerikaanske stjerspiler. Apuzzi stjoerde him yn de begjinjierren balen, dvd's en alderhande ynformaasje. Noch altiten ha se fia de mail yntinsyf kontakt.

## A friendly five

In muorre, in pear linen en in bal, mear ha jo yn prinsipe net nedich, in frij ienfâldich spultsje. Bauke laket as ik mei dy konstatearring it gesprek iepenje. 'Tsjja, wy ha yndie net in grutte opslachromte nedich, feitlik allinnich in balletaske. Mar dat it muorrekeatsen in ienfâldige sport is, krij ik er by him net yn.

'Ik bin in leafhawwer fan balsporten dêr't jo in útsprutsen kombinaasje nedich foar ha fan technyske feardichheden en taktysk ynsjoch. Dat fyn ik by it muorrekeatsen. It is krekt as mei it keatsen, yn de basis ienfâldich, mar op in heger nivo sit der folle mear yn as jo tinke. Nim no allinnich mar de bal. Yn Amearika wienen oant inkele jierren yn de nasjonale kampioenskippen allinne mei de 'small ball'. Dat is in spul mei in bal like grut as in keatsbal, mar spikerhurd. Ast sa'n bal yn dyn eagen krijst, dan kinst dyn ljocht wolris kwyt wêze. Dat giet ferskuorrend hurd en it is tige spektakulêr. Mar troch de ynternasjonale kontakten is no ek yn Amearika it spul mei de wat gruttere bal, 'the big

blue', de standert wurden. Sûnt de earste edysje fan de One Wall Federation Cup yn Nizza Monferrato hâlde de Amerikanen ek wer Big Ball kampioenskippen.'

Bauke leit út dat it Amerikaanske 'one wall' syn woartels hat yn de krisisjierren fan de 20ste ieu.

'In New-Yorkse stedsbestjoerder kaam op it idee om jongeren dwaande te hâlden mei in goedkeape foarm fan sportbeoefening. Hy tocht werom oan syn bernejierren yn Ierlân, dêr't se muorrekeatsten. It wie it begjin fan in sport dy't der ta laat hat dat der no allinnich al yn New-York sa'n 2.200 keatsmuorren steane, mei sa'n 300.000 oant 400.000 aktive sporters. Frjemd genôch is de organisaasjegraad net heech. Allinnich yn skoalferbân - High-Schoolteams - is der in soarte fan kompetysje.

Yn Amearika wurdt in protte om jild spile. Gewoan in potsje muorrekeatse foar de aardichheid bart hast net. It ienfâldichst is wat sy neame 'a friendly five', dan spylje se om fiif dollar.

'Mar fansels giet it yn de grutte wedstriden en toernoaien om folle mear jild. Ferienings sa as wy dy kenne, ha se dêr net. Dêrom wie de regeljouwing yn it ferline wolris gaoatysk en wienen der geregeld eksessen. Keatsmuorren wienen plakken dêr't gokt en snúfd waard. Mar no't de organisaasje better wurdt, nimt dat ôf. Ek it pleatsen fan filmkes op ynternet hat in selsreinigjende wurking op it gedrach fan spilers. Isa Dotsenko pleatst



De earste edysje fan de One Wall Federation Cup (2008) yn Nizza Monferrato. It is in poulewedstryd, foar oan Baskelân mei Iker Gordon (l), Aitor Erauzkin (r) tsjin Puerto Rico ("Wildman" Rick Montalfo (l) en Edgar "Macho" Diaz (r)). Foto: Bauke Nicolai.

gauris filmkes fan Amerikaanske wedstriden op you-tube. Om't syn filmkes yn in pear wike tiid troch mear as 300.000 minsken oanklikt wurde, kin er bestean fan de reklame-yнкомsten dy't dêr oan ferbûn binne.'

Ek yn Ierlân krige it muorrekeatsen in nije ympuls. Ein jierren njoggentich organisearre Tom O' Connor it Iersk Nasjonale Kampioenskip One-Wall.

'It wie op dat stuit hast tritich jier lyn dat it foar it lêst hâlden wie. Der wienen dy earste kear mar goed tweintich dielnimmers, mar hy hat trochset en no is it dêr elk jier in grut evenemint mei mear as 300 dielnimmers. Troch migraasje fan minsken en de ienfâldige middels kinne jo hast oeral wol muorrekeatse. Yn Australië en Nij-Seelân is it ek in populêre sport en yn Kanada, Japan, Meksiko en op de Filipijnen krijt it muorrekeatsen ek stadich oan de fuotten ûnder it gat.'

## www.muurkaatsen.nl

It ynternet wie foar Nicolai net it plak dêr't er allinnich mar ynformaasje en entûsjasme wei helle. It wurke ek oarsom. Bauke fertelt hoe't er fia it ynternet ek oaren ynformearre en dêrtroch mear bekendheid krige.

'Ik ha njonken de balsporten ek in protte nocht oan it meitsjen fan websiden. Yn myn frije tiid mei ik dêr graach wat mei ompiele. Yn 2004 ha ik www.muurkaatsen.nl makke, dêr't ik ferslach doch fan alderhande wedstriden oer it muorrekeatsen. Ik pleats der ek ferslaggen en filmkes fan wedstriden út it bûtenlân dy't my trochstjoerd wurde. Fansels krijst dan op dyn webside ek besikers út dy lannen. Sa ha ik goeie kontakten krigen mei Carlo Berrino en Massimo Corsi út Nizza Monferrato. Fan it ien komt dan it oar en sa ha ik myn kontakten yn dy wrâld stadich oan fergrutte.'

Myn fraach oft er ambysje hat om ek op it ynternasjonale flak organisatoarysk dwaande te wêzen,

giet er diplomatyk oan foarby. Mar hy is wol goed op de hichte fan de jongste ûntwikkelings, want hy wit te melden dat krekt yn de wike dat wy ús petear ha - ein novimber 2011 - yn Calamandrana, yn de omkriten fan Nizza Monferrato, de World Wall Ball Association oprjochte is.

'Hoe't him dat ûntjaan sil is noch ûndúdlik. Der is wol beweging om ta in bettere ynternasjonale wedstriidkalinder te kommen, mar it is noch behelpen. Sa wurdt yn 2012 yn septimber by de ynternasjonale wedstriden yn Fryslân muorrekeatst troch lanneteams. Mar in moanne letter is der yn Ierlân it WK foar yndividuele spilers. Soks is einliks te ticht op inoar en foar dielnimmers te kostber om nei beide ta te gean. Dat soe einliks better moatte.'

## KNKB en muorrekeatsen

Bauke hat wol in dúdlike miening oer hoe't it fierder moat mei it muorrekeatsen yn Nederlân.

'As jo it muorrekeatsen serieuus nimme wolle, moatte jo dat net dwaan yn kombinaasje mei de KNKB. Foar de KNKB is it muorrekeatsen bysaak. Sy wolle besykje om fia muorrekeatsen it totale oantal leden te ferheegjen. Ik kin dat stânpunt wol begripe, mar it is foar de ûntwikkeling fan de sport gjin goed útgongspunt. In aparte organisaasje fan muorrekeatsers, mei eigen ferienings en in eigen kompetysje, is foar de sport nedich, allinnich mar as trainingspultsje foar it fjildkeatsen is te min.'

De kop 'Muurkaatsen goed voor de reactie', yn de Wis-In fan desimber 2011 jout neffens Nicolai goed



De nije keatsbaan fan MKF De Wide Stege, de oant no ta iennichste muorrekeatsferiening fan Fryslân.  
Foto: Bauke Nicolai.

oan hoe't de KNKB tinkt oer it muorrekeatsen. Yn dyselde *Wis-In* wurdt ek Johannes Brandsma sitearre as er syn miening jout oer de sydlingse slach by it muorrekeatsen: 'Funest foar it fjildkeatsen, se fege alles kwea'. Nicolai follet oan:

'Wy ha hjir yn Jirnsum by ús muorrekeatsferiening leden dy't noch nea keatst ha, mar in protte wille belibje oan it slaan tsjin de muorre. Yn Akkrum en Grou komme nije sporthallen en wy ha der by de gemeente op oanstien om dêr ek romte te meitsjen foar keatsmuorren. Hoewol't de hallen lytser wurde as wy graach woenen, liket it der op dat der doch muorrekeatst wurde kin. Mooglik kinne wy dan wat wedstriden organisearje tsjin spilers út de buor doarpen.'

### De Wide Stege

It wurd muorrekeatsferiening is fallen. 'Hoe is soks begûn?'

'Yn 2008 sieten wy mei in ploechje by my yn 'e tún. It praat kaam op ús muorrekeatsen yn de sporthal en wêrom't we einliks net in bûtenbaan hienen. In oere letter hienen wy in feriening oprjochte, mei as doel om in eigen bûtenbaan te krijen. Wy binne doe yn petear gien mei de Stichting Beheer Sportaccommodatie Irnsum. It hat der ta laat dat wy efter de kantine in stikje grûn krije koe-nen om dêr in wedstriidbaan oan te lizzen. Dat hat in protte tiid en enerzjy frege. Mei sa'n € 20.000 oan kosten en mear as 600 oeren oan eigen wurksumens ha wy it oprêden. De baan is ôfrûne maai-tiid iepene troch Atje Keulen-Deelstra.'



Atje Keulen-Deelstra, hjir ynterviewd troch Bauke Nicolai, hat de nije keatsbaan iepene troch it ûntbleatsjen fan in buordsje mei dêrop de namme "Het Kaatsplein". Foto: Theo Kuipers.

Oan de namme fan de feriening sit in ferhaal.

'Yn Ierlân wurde keatsbanen fan âlds 'the wide alley' neamd. It Ingelske 'alley' betsjut steech. Lit no krekt by ús yn Jirnsum, midden yn it sintrum, in plak wêze dat 'De wide stege' neamd waard. Wy hoegden dus net lang te sykjen om in geskikte namme.'

Theo Kuipers

## De 'Janse-Wisselschaal', erkenning voor het feit dat je 'bent'.

### Peizerweg Groningen, augustus 2004

'Zou je het willen doen, Jan?', vroeg René Janse toen hij me bij de Peizerweg te Groningen uitzette, een lange kaatsdag zat er weer op. Ik stapte uit, keek hem aan en zei dat ik erover na zou gaan denken, maar ergens, diep in mijn hart, wist ik eigenlijk meteen het antwoord al: ik zou gaan toezeggen.

Groningen, 8 december 2011

Remco Campert, Hermann Hesse, Tommy Wieringa, Peter Buwalda, allen tillen ze weleens een simpel 'iets' uit zijn context en werken dit verder uit, totdat dit simpele 'iets' de status bereikt dat het eigenlijk helemaal zo simpel niet meer is, of blijkt te zijn. Sterker: het wordt uniek. Een handcontact, een schouderklop, een geschreven woord, een gesproken woord, een niet-gesproken woord, een vlug oogcontact, een enthousiaste verwelkoming, vul maar in ... Door deze techniek toe te passen proberen de schrijvers een zekere mate van bewustwording te creëren bij de lezers, bij de mensen, om zo de somtijds harde wereld een stukje liefdevoller, dragelijker te maken. 'Romantici', zo worden de auteurs die deze techniek regelmatig gebruiken, ook wel genoemd. Je houdt er van - of niet, een tussenweg is er niet. Ikzelf ben iemand die tot de eerste categorie behoort, houd er wel van, zéker.

Ook in het dagelijks leven tracht ik te zoeken naar zaken die mijns inziens de moeite waard zijn om bij

stil te staan, zaken die mijns inziens veel *waarheid* bevatten, 'geluukmomenten'. Het kaatsen, een wereldje waarin ik veel heb vertoefd (en hopelijk nog veel ga vertoeven), is een wereld vol met zulke momenten. Voorbeelden te over: geweldige op- of uitgeslagen ballen, waar urenlange intensieve trainingsarbeid aan vooraf is gegaan, de mentaal sterke kaatser, *Cornelis Terpstra*; de spanning, die soms ontstaat door een samenloop van omstandigheden; het 'scoreverloop'; de altijd aanwezige belangen - eer, onzekerheid, prijzengeld, ijdelheid; de drukke, verbaal aanwezige kaatser of juist de stoïcijnse, de stille; de handschoen met die perfecte nap en dat perfecte leer; de tric-trac-situaties, die in sommige wedstrijden ontstaan en de daaropvolgende waardering van het publiek middels een applaus. Maar ook de minder kaatsgerelateerde zaken zijn vaak zeer de moeite waard: het schaterlachen van toeschouwers, de zon, die op rustige wijze het kaatsen gadeslaat of de bomen, die een weerspiegeling zijn van de schaal van Beaufort. 'Op het kaatsveld is de wereld altijd een stukje mooier.'

Maar het meest uniek is het simpele gegeven dat we het überhaupt meemaken, dat we deel uit mogen maken en mogen genieten van het 'feest des levens'. Want hoe je het ook wendt of keert, het kaatsen is, hoe mooi het ook is, maar een onderdeel van een veel groter geheel: het leven zelf. En zo moet Marten Hiemstra, 'de lytse, grutte man út Ried', ook gedacht

hebben toen hij op het idee kwam om een wisselschaal in het leven te roepen, een wisselschaal ter ere van de toeschouwer die met zijn of haar aanwezigheid over het gehele seizoen het kaatsen een enorme dienst heeft bewezen.

In een gesprek, ergens in augustus 2004 aan de bovenlijn tijdens de finale van een eersteklaskaatspartij, maakte Hiemstra met rake woorden duidelijk wat zijn beweegredenen waren om tot dit initiatief te komen. Hiemstra: '... Minsken prate altyd nei de tiid sa moai oer elkoar, Jan, at se al ferstoarn binne. Mar feitlik binne se dan te let. Dan komt it boadskip net oan by de minsken dy't 't it betreft. En dat moat just wol, snapst? En dus moat it oars, it moat no, no 't se der noch binne. Jong en âld ...' Ik keek naar de zichtbaar geëmotioneerde Hiemstra en wist genoeg. Z'n vader was ziek. Deze schaal was in het leven geroepen omdat Hiemstra had nagedacht over de fragiliteit van het leven en over de invulling ervan door de mensen. Zijn conclusie was dat er nog wel het een en ander te verbeteren viel. En zo geschiedde. Hiemstra vond een medestander in René Janse, wiens vader, Andries Janse, ook ziek was - ziekte van Kahler - en samen werkten ze het plan, het geweldige mooie, warme en sympathieke plan, verder uit.

Op 11 september 2004 was het dan zover, de eerste toeschouwerswisselschaal werd uitgereikt. Nadat er afscheid was genomen van een aantal prominente